

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: Skea troch boaiemfersakkingen
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	De stichting Winamer Belang iveret al langer foar it partikuliere belang by skea fanwegen gas- en sâltwinning en peilferleging yn it gebiet om Winaam hinne. Neffens de media ha se no in claim dellein by de gebietskommisje Frjentsjerteradiel-Harns. Mei nei oanlieding hjirfan ha wy de folgjende fragen.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wat is de reden dat der yn it hiele gebietsproses Frjentsjerteradiel-Harns foar partikulieren neat regele is as sy skea ha fan gas- en of sâltwinning?2. Yn PS fan 23 april 2014 is der troch in moasje frjemd oan de oarder fan de dei frege om in provinsjaal ynformaasjepunt oan te wizen foar Friezen mei (mooglike) skea troch gas- en sâltwinning yn de provinsje. Hoe faak is der oant no ta gebrûk makke fan dat provinsjale ynformaasjepunt? En hoefolle skeaclaims binne dêr dellein troch ynwenners fan Fryslân?3. Sâlt-, mar foaral gaswinning spilet hast yn de hiele provinsje. Is it kolleezje fan doel om mear wurk te meitsjen fan it ôfhanneljen fan skea fan partikulieren? Sa ja, hoe dan en wêr tinkt it kolleezje dan oan?4. In moasje (yntsjinne yn PS 21 jannewaris 2015 en breed stipe) roppe de steaten it Kolleezje op om krêftich út te sprekken dat wy hjir gjin nije gasboarringen wolle en dêr wêr mooglik ek stopje mei besteande boarringen. By de oerwagingen stiet 'Het standpunt van GS Fryslân, zoals verwoord in de brief van 12 december 2014 een heroverweging over het eventueel hervatten van de gasboringen in Fryslân, niet geheel afwijst'. Is it Kolleezje, sjoen de hjoeddeistige ûntwikkelingen, noch hieltyd fan miening dat beheinde gasboarringen yn ús provinsje mooglik wêze moatte?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Wopke Veenstra
---------------	--

Datum	6 novimber 2015
-------	-----------------